

Unike ûnderfining: Tryater siket muzikanten foar gelegenheidsfanfare

As fanfareleafhawwer of -muzikant hast it miskien al meikrigen: Tryater dûkt dit seizoen hielendal yn de fanfarewrâld. Dat dogge we mei in bysûnder trijelûk, dêr't de minske achter de muzyk yn útdjippe wurdt. By alle foarstellingen spylje (leden fan) Fryske fanfarekorpsen mei.

Diel 1, Ynblaze, is in solo fan in akteur midden yn in hast echte korpsrepetysje. En dat diel is 6 oktober suksesfol fan start gien. Diel 2, Thúsblaze, begjint ein febrewaris en is in rige húskeamerfoarstellingen troch de provinsje. It wurdt spile troch in akteur en in muzikant. Diel 3, Fanfare, is in grutte foarstelling yn de iepen loft by Easterlittens yn maaie-juny 2024. Dêr stean meardere akteurs en muzikanten op it poadium. Foar dit tredde diel, de grutte slotfoarstelling, siket Tryater sa'n 20 muzikanten om in spesjale gelegenheidsfanfare te kreëarjen. As muzikant wurdst ek ynset as figurant. In moaie ôfwikseling fan muzyk én teäter meitsje!

OER FANFARE

Yn de grutte lokaasjefoarstelling Fanfare komst yn de kunde mei de leden fan in muzykferiening yn in lyts doarp. Wat der ek is en wat der ek bart: alle tiisdeitejûns komme se wer by elkoar te repetearjen. De fanfare giet altyd troch!

Fanfare is in poëtyske en humoristyske fertelling oer de leden fan in fanfare. Oer ferskillende minsken dy't sykje nei harmony yn harsels en mei elkoar, mar dat lang net altyd fine kinne. Mei in grutte cast en it artistike team achter suksesfolle foarstellingen as Part-Time Paradise en Under Wetter makket Tryater yn de simmer fan 2024 in grutte lokaasjefoarstelling mei it doarp Easterlittens as de kôr.

WA SYKJE WE?

We sykje ferskate muzikanten dy't har oansprutsen fiele troch dit idee, nocht hawwe oan in leuke útdaging en in ynstrumint spylje dat yn in regulier korps past. Neist it meitsjen fan muzyk liket it dy ek leuk om as figurant mei te spyljen yn de foarstelling.





BELANGRIKE DATA & YNFORMAASJE

De audysjes binne sneon 25 novimber yn de moarn en middei.

De muzikale repetysjes by Tryater, ûnder lieding fan dirigint Wilbert Zwier, binne op:

- Snein 24 maart fan 13.00 oant 17.00 oere
- Snein 7 april fan 13.00 oant 17.00 oere
- Snein 28 april fan 13.00 oant 17.00 oere
- Snein 12 maaie fan 13.00 oant 17.00 oere

De repetysjes op lokaasje (yn Easterlittens) binne op:

- Freed 10 maaie fan 19.00 oant 22.00 oere
- Freed 17 maaie fan 19.00 oant 22.00 oere
- Sneon 18 maaie fan 13.00 oant 17.00 oere
- Woansdei 22 maaie fan 19.00 oant 22.00 oere
- Freed 24 maaie fan 19.00 oant 22.00 oere

- De foarstelling Fanfare wurdt spile fan 25 maaie o/m 29 juny op elke tiisdei, woansdei, tongersdei-, freed- en sneontejûn. De foarstelling begjint altyd om 20:00 oere.
- We hawwe it leafst datst as muzikant by alle repetysjes en foarstellingen wêze kinst.
- Foar de repetysjes en de foarstellingsjûnen is in reiskostefergoeding beskikber.

BESKIKBER?

Bist beskikber en liket it dy leuk om mei te dwaan? Folje dan [hji](#) it oanmeldformulier yn foar moandei 13 novimber 2023. By fragen kinst kontakt opnimme mei Amarins op a.jansma@tryater.nl.

Nei oanmelding krijst yn de wike fan 13 novimber reaksje.